

Bijlage VMBO-GL en TL
2018

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Grutte Pier ferbynt de wrâld

It Grutte Pierûndersyksteam hat alle seilen by sette moatten, sa'n 1.400 reaksjes kamen binnen: de measte ynstjoerders wolle graach witte oft se famylje binne fan Grutte Pier en oft se dêrmei rjocht hawwe op in Pierbewiis.

(1) Dêrfoar stjoere se it ûndersyksteam genealogyske gegevens ta, meastentiids yn de foarm fan in ynfolle stambeam. Guon diene dat op orizjinele wize. Sa stjoerde Rintje Saekle de Vries in gedicht yn, mei as tredde kûplet:

“Gerlof Aenes trouwde, maar van zijn vrouw weten we niets!

10 Genoemd naar haar is wellicht kleindochter Siets

De oudste zoon heette niet Anne maar... Pier

Met Heere, Douwe, Dirck en Romke

15 kwamen er nog vier”

(2) De testream fan reaksjes wie in hiel skoft sa grut, dat it sels mei de ynset fan fjirtjin meiwurkers en frijwilligers net slagge om binnen in moanne dúdlikheid te jaan oer in mooglike besibbens. De syktocht dêrnei kostet de measte tiid. De nammen fan in protte famyljeleden fan Grutte Pier binne ûnderwilens ynfierd yn it genealogysk kompjûterprogramma ‘Humogen’, dat fia www.gruttepierdefamylje.nl te berikken is. Ut de njoggentjinde en de tweintichste iuw ûntbrekke lykwols nochal wat gegevens en dêrtroch wurdt in mooglike besibbens pas nei fierder ûndersyk dúdlik. As de besibbens fêststeld is, wurde in Pierbewiis, en as soks nedich is, in sibskipstabel oanmakke en ferstjoerd. Nei't de earste Pierbewizen de doar út wiene, krigen wy al gau fersiken fan bern, bernsbern,

bruorren en susters en oare famyljeleden dy't ek in Pierbewiis hawwe woene.

(3) It tal fan 600 ferstjoerde Pierbewizen jout al oan hoe graach oft minsken it dokumint hawwe wolle. By

45 it ûndersyk stiet soarchfâldigens foarop. Neffens de leden fan it ûndersyksteam koene se net foarkomme dat sy in pear kear de planke misslein hawwe. Se kamen ta

50 dy ûntdekking mei it op 'e nij besjen fan in pear sibskipslinen. Foaral dy út de sechstjinde iuw bliuwe lestich. Guon dêrfan steane yn besprek en sille dat faaks ek wol altyd bliuwe.

55 len fan de ynstjoerders die de suggestje dat DNA-ûndersyk hjir mooglik nochris helderheid yn jaan kin.

(4) De reaksjes litte sjen hoe tige populêr oft de frijheidsstrider, of barbaar (it is mar út watfoar eachpunt wei oft men it besjocht) út Kimswert noch altyd is. Yn de measte reaksjes is it imago fan Pier dochs oerwagend posityf. “Us heit fertelde eartiids altyd bysûnder byldzjend oer dizze Fryske held”, sei in ynwenster fan Schouwerzijl. In oare Fries om utens reagearre mei: “Bin benijd oft ik yn de fierte

70 noch besibbe bin oan Grutte Pier. By myn âlden thús hong altyd in borduerwurk fan dizze held oan de muorre, dus ik bin in bytsje mei him opgroeid.” Yn oare gefallen sykje minsken befêstiging fan ferhalen dy't yn de famylje ferteld wurde. “Wy

binne allegearre bûtengewoan lang.
It ferhaal giet dat wy ôfstamme fan
Grutte Pier. Kloppet dat?” Soms liedt
80 it binnen in famylje hast ta in
lookalikekompetysje. Sa krigen wy de
folgjende reaksje: “Ik wol graach it
bewiis dat ik famylje bin yn ûntfangst
nimme. Myn broer hat sa’n bewiis
85 krigen. Dus as hy famylje is bin ik it
ek! Ik lykje mear op Grutte Pier en
myn Frysk is ek better!”

(5) Nei alle gedachten is dy
populêrens fan Grutte Pier tagelyk de
90 ferklearring foar it grutte sukses fan
de aksje. Dat sukses rikt oant fier
bûten ús lânsgrinzen. De measte
ynstjoerders wenje yn Nederlân, mar
der binne – troch it ynternet – ek

95 reaksjes ynkommen út België,
Dútslân, Grut-Brittannië, Italië,
Noarwegen, Tsjechië en Switserlân,
en fan bûten Europa út Australië,
Kanada, de Feriene Steaten fan
100 Amearika en de Afrikaanske lannen
Benin, Kamerûn en Súd-Afrika.
(6) Op de facebookside ‘Grutte Pier
De Famylje’ binne al in protte foto’s
pleatst fan minsken dy’t in Pierbewiis
105 tastjoerd krigen hawwe. Fan BN’ers
André Kuipers en Wout Zijlstra stiet it
Pierbewiis ek op de facebookside.
Oare bekende Nederlanners lykas
Arjen Lubach, Doekle Terpstra, Piet
110 Paulusma en Doutzen Kroes hawwe
ûnderwilens in Pierbewiis tastjoerd
krigen.

naar: Otto Kuipers, Letterhoeke 2016-1

Tekst 2

Ik wol it hiele bern hawwe

Goed fjouwer jier wie Hanneke de Jong, nei't se in ûngemak hân hie, net ta skriuwen by steat. Se sprong in gat yn 'e loft doe't it skriuwen op in stuit dochs wer slagge en *Trettjin dagen om in spetterjend feest te organisearjen* útkaam. Se krige de Simke Kloostermanpriis foar dat boek.

(1) Hanneke de Jong (Aldetrine, 18 juny 1952) stie in oantal jierren foar de klasse, dêrneist ûntjoech se har as skriuwster fan in rige berneboeken. Sûnt twa jier is se warber yn it ûnderwiis as skoalskriuwer. Sy skriuwt graach boeken oer ûnderwerpen dy't derta dogge foar de jonge lêzer. Har earste Simke Kloostermanpriis krige se seis jier lyn foar *Salsafamke*, in boek oer in puber dy't yn ferwachting rekket. *Trettjin dagen om in spetterjend feest te organisearjen* giet oer ADHD¹⁾, in oandwaning dy't in soad foarkomt yn de famylje fan Hanneke de Jong. Doe't twa fan har bern dy diagnoaze op folwoeksen âldens krigen – foarsjoen fan de meidieling dat soks faak erflik is – hat se ek harsels ûndersykje litten.

(2) Hanneke de Jong: “Dus doe foel in soad teplak. Ik wie altyd al drok, mar as men dat altyd is, fynt men dat normaal: men is sa't men is. Ut in test op de legere skoalle wie nei foaren kaam dat ik it gymnasium wol dwaan koe, mar dat ik dêr eins te 'boartlik' foar wie. Sa neamden se dat yn dy tiid.” Haadpersoan Marike nimt yn *Trettjin dagen om in spetterjend feest te organisearjen* ympulsyf de taak op har om in grut feest foar de fjirtichste jierdei fan har mem te organisearjen; dêrnei pas freget se har ôf oft se dat wol oankin. Hanneke de Jong: “Dat ympulsive

bliuwt, ek nei jins sechstichste. By it skriuwen barst ik fan de ideeën, mar planne kin ik net en ik haw gjin idee fan tiid. Ik skriuw altyd fan alles op, letter jou ik al dy stikjes pas in plak yn it ferhaal. Ik sil nea in skriuwer wurde dy't fan a nei z ta giet.”

(3) Yn 2014 kaam se yn oanrekking mei de stichting 'De Schoolschrijver', fêstige yn Amsterdam. De stichting begeliedt skriuwers dy't skoalbern yn oanrekking bringe mei literatuer; nei fjouwer jier woe 'De Schoolschrijver' de wjukken útslaan nei oare kontreien. Hanneke de Jong wenne in trainingsgearkomste by yn Zuidhorn dêr't se Lydia Rood oer har wurk praten hearde en kaam nei ôfrin sa entûsjast thús, dat se tsjin har man sei: “Ik gean mei pensjoen”. Se stoppe mei har berop as juf en is doe begûn as skoalskriuwer.

(4) “Ik bin sels absolút gjin dichter, mar ik besykje de bern wol oan it dichtsjen te krijen. Ik doch ek oefeningen om de fantasy te stimulearjen, mar ik hâld der wol altyd rekken mei dat der ek saakliker ynstelde bern binne, dy't leaver wat tichter by de feiten bliuwe. In kwestje fan de linker- en de rjochterhelte fan de harsens. Ik lit se bygelyks in paspoart meitsje mei dêryn harren eigen libbensrin. Dan jou ik earst trije foarbylden fan myn eigen libbensrin.”

(5) “Bern fine it moai om in ferhaal te betinken. As se noch beukers binne,

75 hawwe se dêr ek gjin inkelde muoite
mei, dan betinke se fan alles. As se
âlder wurde, giet dat fuort om't se
hiel oare dingen leare. As der nea
mear in berop op de fantasy fan in
80 bern dien wurdt, bliuwt dêr hieltyd
minder fan oer. Ik wol it hiele bern
hawwe, ik wol dat se alles brûke wat
se oan talinten hawwe, makket net út
oft dat op it saaklike flak leit of yn de
85 fantasy.”

(6) As skoalskriuwer wol De Jong
foaral it moaie fan taal sjen litte, de
bern fernimme litte hoe't moaie taal
helpe kin by it ferwurkjen fan
90 bepaalde gefoelens. Se hat foar alle
leeftiden in oantal Fryske en
Nederlânske boeken útsocht dy't oan
har eigen kwaliteitskritearia foldogge.
Hanneke de Jong: “Bygelyks it fertriet
95 oproppe troch gewoane dingen te
beskriuwen, dat is moai. Fan dy
soarte lessen krij ik nocht om sels ek
wer in boek te skriuwen.”

(7) As bern op fakânsje of
100 skoalreiske west hawwe, krije se de
oare deis faak de opdracht fan
master of juffer om dêr in opstel oer
te skriuwen. Hanneke de Jong soe
de bern leaver de opdracht jaan om
105 in ferhaal te skriuwen mei it
skoalreiske as dekôr en it fierder sels
yn te foljen mei harren fantasy. “As
skoalskriuwer mei ik ek ien kear mei
de leararen oan it wurk. Dy haw ik

110 lêstendeis de opdracht jûn foar sa'n
ferhaal. Mar nei in oantal minuten
haw ik de boel stilset, de teksten
omruile mei de opdracht om it ferhaal
fan in oar ôf te meitsjen. Mei sokke
115 opdrachten hellest se efkes, sa't dat
tsjintwurdich hjit, út de komfortsône.
Folwoeksenen binne it net mear
wend om samar wat op te skriuwen.”
(8) Hanneke de Jong krige yn de
120 Petrustsjerke fan Twizel foar de
twadde kear de Simke
Kloostermanpriis. It idee foar *Trettjin
dagen om in spetterjend feest te
organisearjen* krige se nei't in kollega
125 har frege oft se net ris in wat
positiver boek oer ADHD skriuwe
koe. Ear't se begjinne koe, krige se in
ûngemak dat har fjouwer jier fan it
skriuwen ôfhold. Doe't se wer by
130 steat wie om har tinzen te oarderjen
skreau se *Dertien dagen om een
spetterend feest te organiseren*, yn it
Nederlânsk dus. It wie net goed. Pas
doe't se in twadde ferzje makke –
135 diskear yn it Frysk – krige it ferhaal
de humor en de skerpe rântsjes dy't
sear diene. “Doe kaam it folle tichter
by myn gefoel. Ik wie sa bliid dat it
my nei al dy jierren slagge wie om
140 wer in boek te skriuwen. En ik bin
ekstra bliid dat it no ek nochris mei
de Simke Kloostermanpriis beleanne
wurdt.”

naar: Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 20 mei 2016

noot 1 ADHD is de ôfkoarting fan it Ingelske 'Attention Deficit Hyperactivity Disorder'. Minsken mei ADHD fine it ûnder oare dreech om harren oandacht earne by te hâlden en/of binne faak tige drok (hyperaktyf). Der binne ferskate foarmen fan ADHD.

Ferbûn oan Fryslân

(1) Ik bin Tjitske Kommerie en ik kom út Fryslân. Sa stel ik mysels altyd foar. Se hearre dochs wol dat ik in aksint haw en dan bin ik wol sa freonlik om sels daliks mar te sizzen wêr't ik wei kom. Dat besparret in soad gedoch. Net dat ik it slim fyn dat ik in aksint haw, hielendal net. Ik fyn it sels wol wat hawwen. It makket my oars en dêr bin ik grutsk op. Hoefolle minsken kinne sizze dat se mei it Frysk grutbrocht binne en it Frysk as earste taal hawwe. Wannear'tst neigiest dat sa'n 350 tûzen minsken Frysk as memmetaal hawwe, liket it net sa bysûnder, mar op de hast 7,5 miljard minsken dy't der op 'e ierde binne, is dat net safolle. Ik kin dan sizze dat ik by dy 0,005 persint hear, dy't Frysk as memmetaal hat. Dat fyn ik wol bysûnder.

(2) Ik wit ek wol dat ik der neat oan dwaan kin, dat ik yn Fryslân berne bin, mei in heit en mem, dy't beide Frysk prate. Foar itselde jild wie ik earne yn in hutsje op Papoea-Nij-Guinea berne en hie ik nea witten dat der ek minsken binne dy't Frysk prate en skriuwe. Ik moat sizze dat ik bliid ta bin dat ik net yn Papoea-Nij-Guinea berne bin, mar yn Fryslân. Ik bin mâl mei it Fryske lânskip, mei yn de simmers fan dat moaie griene gers en in strakblauwe himel. Ik hâld fan de winter wannear't ik yn it iepen lânskip de snieloft al oankommen sjoch. Ik hâld derfan wannear't it friest en alle sleatsjes en iisbanen mei minsken folstreame, dy't allegearre reedride wolle. Dat fyn ik allegearre sa by de Fryske taal en kultuer passen. Foar my binne

Fryslân en it Frysk ûnskiedber mei-inoar ferbûn, ja mei-inoar yn myn hert
45 ferbûn.

(3) Ik fyn it moai om oare minsken mei it Frysk plat te smiten. Wannear't ik yn Grinslân bin en ik hear minsken sizzen dat der neat boppe Grinslân giet, dan is myn reaksje altyd: "Der giet wol wat boppe Grinslân, nammentlik Skiermûntseach en by myn witten heart dat noch altyd by Fryslân". Dan hawwe se net folle
55 mear te sizzen. Dat Grinslanners it oer it algemien net sa op Fryslân hawwe, sil foar de measte Friezen gjin nijs wêze. Wat ik wol aardich fyn, is dat wat fierder oft minsken fan
60 Fryslân ôf wenje, wat nijsgjirriger oft se it Frysk meastentiids fine. Wannear't wy nei it suden fan Nederlân op fakânsje giene en we krigen wat kontakt mei oare minsken,
65 dan wie ien fan de earste fragen dy't steld waarden, nei't se derefter kamen dat wy Friezen binne: "Zeg eens wat in het Fries" wat folge waard troch: "Hoe zeg je ... in het
70 Fries?". It moaiste wie wol doe't wy in pear jier ferlyn yn Dútslân op fakânsje wiene en de hiele camping mei it follybaljen "Meppe mei dy beppe" rôp. It hie net sa hiel folle
75 betsjutting, mar it wie in spreuk om krêft by te setten en sa de bal oer it net te krijen. It wie ien fan de pear kearen dat ik meidwaan mei follybaljen aardich fûn en by myn
80 witten hat it ek de lêste kear west dat ik aktyf meidie mei sporten wannear't it net ferplichte wie. Net dat it no fan dy spreuk kaam, mar it makke wol

dat ik my mei myn aksint akseptearre
85 fiede en dat wie al hiel wat.

(4) Sa liket it wol dat ik hiel Frysk-
nasjonalistysk bin, mar dat falt wol
wat ta. Ja, ik hâld fan de Fryske taal,
kultuer en it lânskip, mar dêr is ek
90 hast alles wol mei sein. Wannear'tst
Frysk-nasjonalistysk bist, haw ik
foaral it idee, datst wolst dat Fryslân
ûnôfhinklik wurdt. Dan falt it mei my
noch wol wat ta, want safier is it by

95 my nea kaam. Sokke útspraken fan
ûnôfhinklikheid geane my te fier. Ik
bliuw nochter, ik bin ommers in Fries.
Ik tink dat soks neat wurde kin.
Fryslân is ekonomysk net krêftich
100 genôch om sels foar foldwaande
ynkomsten te soargjen, miskien op
koarte termyn wol, mar langduorjend
net. Fryslân rint no al stadichoan
leech, op lange termyn al hielendal
105 en dan is Fryslân as lân net mear fol
te hâlden.

(5) Ik tink ek dat de kleau tusken
Hollanners en Friezen te lyts is. Ja,
we hawwe in oare taal, mar dat is ek
110 alles. En sels dy taal wurdt sterk
troch it Nederlânsk beynfloede. Om
de ferskillen dan grutter te meitsjen,

soene we it Frysk Frysker meitsje
moatte. De Nederlânske ynfloeden
115 moatte dan troch besteande of nije
Fryske wurden ferfongen wurde. Op
skoallen soe it dan better wêze dat
bern allinnich yn it Frysk les krigen
en dat it Nederlânsk ôfskaft waard.

120 Dat liket allegearre moai en aardich,
mar is it ek te realisearjen? Ik tink fan
net, om't der dan in soad
partisipaasje fan de boargers frege
wurde moat. De Friezen moatte dan
125 sels aktiver mei de taal oan 'e gong
en dêr stiet de holle fan de Friezen
net nei. Hjoed-de-dei libje minsken,
ek Friezen, hast allinnich noch mar
foar harsels; se kinne en wolle har
130 net mear mei-inoar foar eat ynsette.

(6) Mar om't Fryslân as lân net te
realisearjen is, kinne we net sizze dat
it net wichtich is om oan it Fryske
taalgebrûk te wurkjen. Want wat
135 better ast in taal brûke kinst, wat
better ast dyn tinzen oan oare
minskens trochjaan kinst. Dan wurde
we wer mear oan ús taal, inoar en de
provinsje ferbûn, sadat it Frysk ek
140 foar kommende generaasjes
beholden wurdt.

naar: Tjitske Kommerie, Skanomudu.nl, 15 april 2016

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.